

OER DE GESLACHTSFERDIELING BY DE GALJES (*MYRICA GALE* L.)

Douwe van der Ploeg

Men hoecht net daliks florist te wêzen om Galjes te plak te bringen. It strûkje is dierber om'e krûdige swietrook fan'e bledsjes en knoppen. Minder bekend is de fariearre geslachtsferdieling fan'e planten. It artikel is basearre op'e eigen ûnderfining fan'e skriuwer.

Galjes

Elk dy't yn ús sompen wolris nei Galjes sjoen hat, wit wol dat der twa 'soarten' fan strûkjes binne dy't fral by't winter en yn de maitiid maklik te ûnderskieden binne. Der binne ommers mantsjes en wyfkes.

De manlike strûken drage yn de winter al dúdlike knoppen, dy't aanst moaltriedkatsjes blike te wêzen. Eins binne dizze jonge katsjes yn de neisimmer, as de blêden noch oan de tûken sitte, al dúdlik te sjen. As de moaltriedkatsjes ryp binne (yn de iere maitiid al) wurde se waarm giel-brûn fan kleur en kinne se tige stowe. As se útbloed binne, falle se ôf. Oan de tûkjes binne de groeden noch efkes te sjen, mar it tûkje wurdt meastentiids al gau ôfstjitten.

De katsjes oan de froulike strûken binne by't winter hast noch net te sjen. Earst as de manlike katsjes bloeie, komme de froulike katsjes ek út. Se binne folle lytser as de mantsjes en der leit in poarperen gloede oer fan de stimpeltsjes dy't ta de skobkes útstekte. Dizze froulike katsjes foarmje de siedsjes, dy't de hiele simmer oan de strûken sitten bliuwe. As de fruchtsjes op it lêst útfallen binne, bliuwe de stâltjes (de askes) fan de fruchtkatsjes noch fier yn de oare maitiid oan de tûkjes sitten en sadwaande binne dan de froulike strûken noch goed te kennen. Oant safier dus neat gjin nijs: Galjes binne twahuzich; de iene strûk draacht allinne manlike katsjes, de oare allinne froulike.

No wie my alris opfallen, dat guon strûken dúdlik manlik wiene, mar dat der ek froulike katsjes oan liken te sitten. Doe't ik besocht dêr wat oer nei te lêzen, die my bliken dat it al lang bekend wie, dat dy geslachtsferdieling bij Galjes lang net sa regelmjittich is as faak tocht wurdt. Hiel selden soene der ôfwikings yn dy geslachtsferdieling foarkomme. Sa stiet der yn ús floara's as skaaimerke fan de Galjefamylje: 'Heesters, een- of tweehuizig'. By de soartsbeskriuwing wurdt dêr fierder

alhiel net praat oer ien- of twahuzich. Ik ha de yndruk dat de hjoeddeiske floaristen der eins ek nea nei sjoen hawwe en miskien ek net iens witte hoe't it ynmekoar sit. As der alris ien is dy't der wolris oer heard hat, dan is de gedachte dat dy ienhuzichheid wol in hiel seldsum ferskynsel wêze sil.

Ik naam my foar der ris wat better nei te sjen. Dat ûndersykje smiet aardige dingen op.

twahuzichheid regel

Der binne by ús aldergeloks noch aardich wat plakken dêr't Galjes te finen

b) Strûken mei allinne froulike katsjes. Hjir komme letter de fruchten oan. Dit binne de "gewoane" twahuzige planten, lykas dat ek yn de floara's stiet.

ienhuzige planten

Fierder fûn ik op alle plakken ienhuzige planten mei lykwols hiel ferskillende geslachtsferdieling.

c) Strûken mei sawol normale manlike as froulike katsjes op ien en deselde plant. Meastal sitte de manlike en de froulike katsjes op deselde tûke, de mantsjes meast ûnderoan, de wyfkes boppe. Ek komt it foar dat in hiele tûke



Galjes (Gagel)

foto Douwe van der Ploeg


binne. Ik beseach fral populaasjes by Earnewâld (û.o. yn de Fjirtich Mêd en de Koloanjes), yn it Bûtenfjild fan Ottema en Wiersma, it Ûnlân fan Jelsma, it Ketliker Skar en yn it Skar by Sint Jânsga. Wat it geslacht fan de Galjestrûken oanbelanget koe ik it folgjende fêststelle. Maklik te ûnderskieden binne:

a) Strûken mei allinne manlike katsjes dy't nei de bloei ôffalle.

froulik is en -oan deselde plant- in oare tûke alhiel manlik.

d) Gauris seach ik dat oan ien tûke de ûnderste katsjes manlik wiene en de boppeste froulik, mar dat de katsjes op healwei manlike en froulike "blomkes" befetten.

e) By goed sykjen blykt it ek noch sa wêze te kinnen dat yn ien blomke binne itselde skobke moaltriedden en in stamperke sitte. Sa'n blomke is dus



boven: tweeslachtig katje
 onder: mannelijke en vrouwelijke
 katjes op één takje

tekening skriuwer

twaslachtich. Ik fûn sokke twaslachtige blommen yn de midden fan in katse mei boppean froulike en ûnderoan manlike blomkes.

it iene jier froulik, it oare jier manlik

f) Hast it allernijsgjirrichst fûn ik it oergean fan it iene geslacht yn it oare. Gauris seach ik Galjestrûken dêr't ik

oan sjen koe, dat der ferline jier allinne froulike katse oan sitten hiene, mar dêr't dit jier allinne mar manlike katse oan te finen wiene. Dat se ferline jier froulik wiene, wie dúdlik te sjen oan de tûkjes dêr't de âlde fruchtstâltsjes noch oan sitte. Sadwaande is dat oergean fan froulik nei manlik maklik te konstatearjen. Oft it oarsom ek kin ('t iene jier manlik, 't folgende jier froulik) is net te sjen. It soe allinne fêst te stellen wêze as de strûken merkt wurde en dan in pear jier folge. Neffens inkele ûndersikers soe de Galjestrûk fan jier op jier fan it iene geslacht yn it oare oergean kinne, mar dat wol my dochs net rjocht oan. Wy soene it miskien útsykje kinne troch ienselde strûk ferskate jierren yn observaasje te hâlden.

wat seit de literatuur?

Lyk as boppe sein, is it gjin nijs wat ik oan myn Galjestrûken seach. It is sa, dat der by ús lykwols nea oandacht oan it ferskynsel jûn is. Ús beide floara's (Heukels en Heimans, Heinsius en Thijssen) neame ek yn de nijste printingen by de beskriuwing fan de Galjefamylje de ien- en twahuzichheid, sûnder fierder by de beskriuwing van de Galjestrûk sels der ek mar in wurd oer te sizzen. De hiel goede, geïllustreerde Zakflora fan Suringar (1870; leste printinge 1931) wit wat mear te fertellen. By de beskriuwing fan de soart *Myrica gale* stiet: "Tweehuizig. Soms min of meer éénhuizig en ook met ten deele gemengde katjes". Garjeanne, Handboek voor de Nederlandse Flora (1907) seit likernôch itselde: "Merkwaardig (...) dat naast de normaal aangetroffen en zelfs tweeslachtige planten ook eenhuizige worden aangetroffen en zelfs tweeslachtige voorkomen". De "Grutte Heukels" (1909) hat it oer: "meestal 2-huizig, doch soms wel 1-huizig, soms zijn wel 2-slachtige bloemen gevonden".

De tige folsleine Oecologische Flora (Weeda e.a.) hâldt it sûnder kommentaar op twahuzich.

Yn floara's fan de lannen om ús hinne, wurdt der oer de geslachtsferdieling by Galjes of alhiel neat sein, of se sizze likernôch itselde as boppeneamde floara's. Oer it feroarjen fan it geslacht lêze wy dus neat, mei útsondering fan de Ingelske floara fan Clapham, Tutin en Warburg (1962) dy't seit: "mostly dioecious, but plants may change sex

from year to year and monoecious and hermaphrodite plants also occur". Dizze beskriuwing giet moai wis tebek op it ferslach fan in gearkomste fan de Linnean Society of London (1916). Twa Ingelske ûndersikers fertelden dêr oer wat se allegearre oan *Myrica gale* sjoen hiene. Hjir wurdt dan foar it earst ferteld dat de planten fan geslacht feroarje kinne en hja sizze der by 'fan jier op jier', fan froulik nei manlik, mar ek krekt oarsom. Har ferhaal hjir oer is blykber net folle fierder kommen as Ingelân, want ik koe der yn de kontinentale floara's neat oer fine. Bûten de neamde floara fan Clapham c.s. wurdt der allinne yn in pear Ingelske planteböeken op wiisd, û.o. yn de nije Illustrated Flora of Britain (1989, Blamey & Grey-Wilson). Yn de Flora Europaea (1969) wurdt de geslachtsferdieling wol neamd, mei deselde wurden as yn it ferslach fan de Linnean Society.

noch inkele fragen

Der lykje yn it fjild folle mear manlike as froulike planten te wêzen. Ik ha dat ris rûsd yn in stikje fan de 40-mêd by Earnewâld en kaam doe op sa'n fjouwer oant fiif manlike planten tsjin in froulike. Soe dêr in ferklearring foar te finen wêze? Jo soene hast tinke kinne, dat de strûkjes earst froulik binne, dan ienhuzich manlik en froulik en uiteinlik alhiel manlik. Sa soene der stadichoan mear manlike strûken komme. In oare fraech is oft in manlike plant ek wolris wer yn in froulike feroaret, lykas dy Ingelske ûndersikers ha wolle. Lyk as boppe al sein, dat soe allinne fêststeld wurde kinne as de planten merkt wurde. Fierder, mar dat is ek net maklik en fergiet in heap geduld, soe it de muoite wurdich wêze te ûndersykjen oft planten dy't foar it earst bloeie mantsjes of wyfkes binne.

samenvatting

Aan Nederlandse floristen is blijkbaar weinig bekend over de geslachtsverdeling bij de Wilde gagel *Myrica gale*. Uit een onderzoekje bleek dat naast 'normale' tweehuizige struiken vrij algemeen ook eenhuizige struiken voorkomen die in geslachtsverdeling vrij veel variatie vertonen. Bovendien kunnen struiken die het ene jaar vrouwelijke katjes dragen, het volgende jaar alleen mannelijke katjes vormen.